



Reaksje op beliedsplan Frysk by Wetterskip Fryslân 2020-2024.

En wat dogge we moarn mei wetter?

It Europeesk Buro foar Lytse Talen is posityf oer it omtinken foar it ûnderwerp Frysk by it Wetterskip Fryslân, mar is ek fan betinken dat der wol in skepke boppe-op kin, wêr't it giet om it kreatyf en linich brûken fan de Fryske taal – njonken it Nederlânsk – troch de kommunikaasje-ôfdieling fan it wetterskip. It Beliedsplan Fryske taal 2020-24 wol dêr romte oan jaan, mar yn it stik ûntbrekke oant no ta konkrete doelstellings.

It wetterskip is frijwat aktyf op ferskate sosjale media lykas Twitter, Facebook en Instagram, mei útienrinnende boadskippen oer saken as delslachtekoart, fytse lâns de Waadkust en de belibbing fan it Woudagemaal. Wat hjirby opfalt is dat it wetterskip dêrby – oant no ta - ientalich operearret. Krekt as soe der hielendal gjin Fryske taal bestean en soene der by it wetterskip net in soad minsken wurkje dy't Frysk prate. Je kinne sa sels de yndruk wakke dat it wetterskip net folle fan it Frysk hawwe moat, mar dat sil jimme bedoeling grif net wêze.

It beliedsplan Fryske taal 2020-2024 is neffens ús in moaie kâns om in begjin te meitsjen mei in mear eigentiidske *meartalige* kommunikaasjestrategy mei romte foar Frysk én Nederlânsk. Yn it beliedsplan dat foarleit wurdt in hiele skerpe streek lutsen tusken it mûnling gebrûk fan it Frysk en skriftlik gebrûk. De skriuwer fan it beliedsstik is foar it earste, mar liket te tinken dat der fan it twadde net folle ferlet is. Dat skerpe ûnderskied is yn ús eagen âlderwetsk, achterhelle en sels diskriminearjend. Yn dizze tiid fan digitale en sosjale media is de skieding tusken mûnling en skriftlik folle minder skerp en absolút as foarhinne.

Der binne hjoeddedei in soad jongeren yn Fryslân dy't – mooglik yn kombinaasje mei oare talen – yn it Frysk twitterje, Facebooke en Whatsappe dat it in lust is. De Fryske Akademy hat hjir ûndersyk nei dien en is sels ta de konklúzje kaam dat net earder safolle minsken Frysk skreaun hawwe as no. Net altyd sûnder flaters en bytiden yn in fantasijstavering, mar se dogge it wol, benammen omdat de digitale taal – de taal mei famylje en freonen – faak tichter by de sprektaal leit as by de skriuwtaal. It persintaazje oer Frysk skriuwen yn jo beliedsplan is dan ek achterhelle en te leech. It is dêrby fierder spitich dat yn itselde beliedsplan de folle hegere persintaazjes foar Frysk ferstean, Frysk prate en Frysk lêze net siteard wurde. It sil net jimme bedoeling wêze, mar it beliedsplan sketst sa wol in negativer byld fan de posysje fan it Frysk as de realiteit.

Op it stuit dat it wetterskip by de direkte digitale kommunikaasje mei de Friezen der foar kiest om allinnich de earste steatstaal te brûken – en oant no ta is dat sa – dan litte jimme kânsen lizze. In

soad Friezen fiele har earder oansprutsen as dat yn har eigen taal bart. As je dat dogge yn amtlik Nederlânsk bliuwt de ôfstân grutter as dat je sels mooglik wolle.

Wetterskip Fryslân hat in moaie Fryske namme en hat in soad wetterwurkers yn tsjinst mar bedriuwt – as it om de taal fan Fryslân giet – op dit stuit benammen *geveltsjefrysk*. It wetterskip hannelet hjirmei yn striid mei it Europeesk Hânfêst foar regionale en minderheidstalen fan de Ried fan Europa, want dat giet – lykas de provinsje Fryslân – út fan in lykwaardige posysje fan de erkende minderheidstaal en de steatstaal en de needsaak om de minderheidstaal te beskermjen en te ûntwikkeljen.

“Foar taalbelied hawwe we de provinsje.” Dy reaksje sil grif komme op it stuit dat der yn it algemien bestjoer fan it wetterskip oer it beliedsplan Fryske taal praat wurdt. It EBLT sjocht en begrypt ek wol dat Wetterskip Fryslân op dit stuit foar grutte útdagings stiet lykas delslachtekoart en klimaatferoaring. Wy ferwachtsje dan ek net dat it wetterskip út eigen middels grutte bedragen frijmakket foar taalbelied. En it yn it Frysk oersetten fan al jimme beliedsstikken, dy’t útsoarte bedoeld binne foar in beheind publyk, hat net ús heechste prioriteit.

Wa rekkenje der lykwols wol op, dat jimme it Frysk serieuus nimme en gewoan brûke, benammen yn de kommunikaasje mei de boarger. Dat hoecht net in soad sinten te kostjen. Op jimme ôfdieling kommunikaasje wurkje ferskate minsken dy’t goed mei it Frysk út de fuotten krije. It EBLT is fan betinken dat se sa gau mooglik de kâns én de opdracht krije moatte soene fan bestjoer en direksje om de kommunikaasje mei it Fryske publyk meartaliger te meitsjen.

Op de sosjale media publisearret Wetterskip Fryslân gauris filmkes. Jimme riede it al: ek yn dy filmkes ûntbrekt oant no ta it Frysk. Omdat yn Fryslân (hast) eltsenien Frysk ferstiet en dy filmkes ek noch ûndertitele wurde kinne is it net mear as logysk om yn dit kommunikaasjemiddel it Frysk en Nederlânsk lykwaardich te behanneljen. Us advys – fergees en foar neat – is: stribje nei op syn minst 50 % Frysktalige filmkes. Ek foar it oare promoasje-materiaal is it ferstannich om mei konkrete doelen te wurkjen. It formulearjen en ôfpraten fan konkrete doelen makket ommers in sinfolle evaluaasje fan it taalbelied oer twa jier in stik makliker.

De formulearring yn it foarlizzende beliedsstik dat der foar it Frysk keazen wurde *kin* fine wy te frijbliuwend. Guon koarte boadskippen – lykas it winskjen fan noflike feestdagen – kinne sûnder mearkosten likegoed yn twa talen as yn ien taal makke wurde.

Foar it alfabet ûnder it kopje **Fersterkjen** yn it beliedsplan hawwe wy in pear suggestjes:
f.) De filmkes dy’t Wetterskip Fryslân makket binne foar op syn minst 50 % yn it Frysk.
g.) De digitale kommunikaasje mei de boargers fan Fryslân wurdt safolle mooglik twatalich.

It beslút oer it beliedsplan Fryske taal 2020-2024 is dêrom in moaie kâns om dêr in begjin mei te meitsjen. Om de sinteraasje hoecht it net fuortendaliks oer te gean. De provinsje Fryslân beskikt nammentlik oer in potsje foar de ekstra kosten dy’t legere oerheden meitsje as se mei taalbelied oan de slach geane.

Yn it beliedsplan lêze wy dat by it Wetterskip in aparte amtlike wurkgroep him mei it Frysk dwaande hâlde sil. It EBLT is fertsjintwurdige yn de wurkgroepen Frysk fan de gemeentes Ljouwert en Waadhoeke en is yn prinsipe ek graach ree om ek yn 'e takomst it wetterskip te stypjen wêr't it giet om it fersterkjen fan de posysje fan it Frysk.

Froukje de Jong-Krap, foarsitter EBLT

EBLT

Siktariaat: Helga Kuipers-Zandberg

p.a. Fryske Akademy, Ljouwert

Till. 058-2131414

eblt@fryske-akademy.nl